

Aldfaers Print yn Doarp en Fjild

In wurd yn 't foar

Yn "Minnertsgea, bydrage ta syn skiednis" (útjown by Wever to Frenstjer, 1952) waerd prebearre it doarpslibben en de minsken, dy 't de doarpsmienskip foarmen, to tekenjen. It doel dat mei dit wurkje foar eagen stie is net allinne hwat breder yn ierdrykskundich opsicht, omt er trije doarpen yn bihelle wurde, mar wol ek hwat djipper ungean op dingen dy 't yn it neamde boekje koartlings oanhelle waerden. It wol ek biwiismateriael oandrage foar- en neijere taljochting jaen op fragen dy 't der oan 'e oarder kamen. Fral wol it ek, út lânskipgenetysk eachpunt wei de eagen gean litte oer itjinge hjoed de dei waer to nimmen is yn doarp en fjild, hwant neist geology, archeology en bibliografy, kin en moat de eigen waernimming in great plak ynromme wurde om ta it byld en de skiednis mei de ûnderskate aspekten, fan Barradiel to kommen.

Botanikus en geolooch hawwe hwat de genese bilanget, útmakke dat yn it tiidrek dat "boriael" neamd wurdt oerdutsen west hat mei in tsjûke feanlaech, ûntstien út in oerdiedige plantengroei; dat dy feanlaech op inkelde restanten nei (it "fean op greate djipte") weislein is troch de sé, dy 't der foar yn 't plak brocht: it waed- of blausân en jit letter, by in heger kommende wetterstân, hege tijen en trochbraken, it s.n. "gelaagd complex" dêr wer oerhinne ôfsette. Dizze tiid wurdt it "atlanticum" neamd. Hwaens niget fierder en djipper giet, mei witte dat ûnder 't fean, ek to uzes, noch forhoalen leit in transport dat yn de iistiid mei de gletsjerstreamen hjir hinne fiert is en hiel Noard-Nederlân oerdutzen hat. It is it s.n. "keileem", dat yn'e (walden?)..... op mannich plak binei oan de oerflakte komt, mar yn Barradiel fan 20 oant 25 meter djip sit. As dit liem boppe de groun helle wurdt bistivet it hast as semint. It is tige fan pas kommen by it oanlizzen fan de Ôfslútdyk.

De archeolooch ûndersiket de boppelaech (meastal net djipper as it blausân en de kwelderboaijum) om dêrút gear te fandeljen itjinge de ieuwen lâns troch de biwenners oan ark, bou- en gebrûksmateriael en fral ek djûrabele liifgrachtsforsiering efterlitten en dêryn bidobbe rekke is. Binammen de terpen, oanlein yn historyske tiid en hweryn faek grêffjilden oantroffen wurde, hawwe greate bilangstelling.

Neist dizze fakken fan wittenskip komt dan jit de bibliograaf dy 't yn archivalia en literatuer de wei siket nei itjinge oant distiid ta yn de dize fan de âldheit forhoalen lei.

Yn dit wurkje sil it yn earste ynstânsje gean oer itjinge (ek nou noch) oan spoaren fan eadere tiden en biwenning to finen is yn wetterlopen, diken, hichten, lichten (**leechten?**), bouwurken en net to forjitten de "toponimen". Yn hwat nou noch bistiet en waer to nimmen, fine wy faek en folle ek in wei nei dat forline. Hwat ek troch ieuwene tiden hinne forinnewearre is yn en op itjinge de natuer ienkear foarme hat, hoe ek forfoarme troch de natuer sels en de minske, is it print fan foarfaers dwaen en litten nea net útwiske. Ik fyn yn it yn ûnbrûk rekke grienedykje op 'e Tsjummearumermieden paed en print mei de skiednis fan de slotpleats Tsjessema en de woldwaner fan Bethanië Johan Roarda. De Grienedyk tsjûget fan de tiid dat de sé om Barradiels kusten spiede. Terpen en wieren sprekke yn dizzen wol in hiel dûdlike tael. Fral ek de pleatsen en hoarnlegers sille ús omtinken hawwe moatte.

De Diken

De âldste diken hawwe dy west, dy 't de forbining útmakken tusken de ûnderskate terpen. Dêrlâns gyng it forkear. Dr. Postma sjucht Ludger, de Fryske apostel, op 't hynder dizze diken lâns reisgjen op syn sindingstochten, mar ek sûnder sa'n fisiën is de logyske folchoarder to bigripen: hege rech yn 't lânskip-terpen-forbiningsdiken (1).

Sa fine wy dan ek yn eastlik Barradiel fan de úterste hoeke út, twa haedwegen, east-west. De Alddyk en de Hearrewei.

By elk dy 't dy âlde diken lâns giet en de eagen de kost jowt, moat it oantinken oan eadere tiden wol to wekker roppen wurde. Terpen en hege steën binne yn in lang string fan in dyk oaninoar rean. Mei hjir en der in omkromte giet der ien nei Harns (de Alddyk) en de oare fan Moaije peal oer Firdgum, Vossebosk en Tsjummearum de Biermen yn. Rjochts en lofts hawwe de pleatsen harren reed op dizze haedwegen.

As útsundering op dizze ûntjowing hat de terperige Moaije peal – Tsjummearum yn dat tiidrek gjin forbiningswei krigen, fan Minnertsgea út mei it westen, moast men dizze beide wegen lâns, der 't it doarp dan sidelings mei forboun wie. Wol men jin de situaasje yn de midsieuwen dan ek foarstêlle, dan moat men net rekken hâlde mei de wei Minnertsgea – Tsjummearum, dy 't pas yn 1861 oanlein waard. De miedpleatsen oant nû. 11 ta moasten de miedleane lâns en it Bossedykje, nei de Hearrewei (Durkjobuorren – Furdgum), lofts ôfslaende it Sibedykje del nei it doarp (Scheltingawei). De Boskwei en Tilledyk lâns moasten de pleatsen nû. 12,13,39 (?) en 15. De zuidermiedpleatsen moasten de Beintenwei, de leane fan Hichtum nei Great Folta en Hearrewei lâns om yn it doarp te kommen, wylst ek Lyts- en Great Orxma en Hichtum oer Folta en Hearrewei dêr lâns dat doel birikke moasten. It bitrof hjir dus de nûmers 19 (Hannema's pleats), nû. 20 (Beintema), nû. 21 (Liempôle), nû. 22 (Lyts-Orxma), nû. 23 (Great Orxma) en nû. 24 (Hichtum). Ek Great-Tsjessinga (nû. 28) hie allinne mar reed op 'e Hearrewei, sa 't dat ek hjoed de dei noch is. Ut it noarden wei hiene de nûmers 32 oant en mei nû. 40 reed op haedwegen en doarp foar in part de Brede- en Smelleleane lâns en foar in oar part oer Durkjobuorren, nei de Hearrewei, om dan de Scheltingawei lâns yn it doarp to kommen.

Ik slút hjir de Langedyk bûten. Hwerom? It is tige wierskynlik dat dizze dyk fan lettere tiid is. Twa dingen binne der dy 't er op wize dat de Scheltingawei de âldste (en ienichste) forbiningswei west hat mei it doarp en dat de triedrjochte Langedyk letter oanlein is, mooglik al foar of om 1500 hinne. De Minnertsgeaster tsjerke hie yn dy snorje gâns lân bûten de Griene (sé) dyk lizzen (100 pounsmiet) en de bihoeft oan de nije wei kaem oan 'e oarder doe 't de opslike kwelders, der 't de ynpoldering yn it begjin fan de 16^e ieu de bikroaning op wie, wearde krigen. De Langedyk is troch de terp fan Sellinge (nû. 29) hinne groeven, hwat dúdlik to sjen is oan de hege wallen oan wearskanten. Dat eiisd op in wegen-technysk nijere bou. Mar ek as men de "binnenpaden" neigiet (dúdlik op de kaart fan Eekhoff), leit it foar de hân, dat de Langedyk fan jongere datum is.

Dy iepenbiere binnenpaden, sa needsakelik by de krapte fan forbiningswegen, gyngen moai rjocht op it doel ôf en nea by in wei lâns. Fan it doarp út nei de ein fan Alddyk en Hearrewei (Moaijepeal) it easten yn, it súdeasten yn nei de mieden, it westen yn oer de Haitsmaterp nei it âlde terpegehucht Oersum (nûmers 22, 23 en 24) en it noardwesten yn nei Great- en Lyts Tsjessinga (nûmers 28 en 27) en it noarden yn troch de Widesteech de kant fan de Hôven út. It súdeastlik binnenpaed liket dizze theöry minder genegen to wêzen, hwant men koe by need de Scheltingawei, Durkjobuorren, Bossedyk en de Miedleane ek op 'e mieden komme, mar dy omwei makke it paed troch de lânnen net oerstallich. It noardlike paed nei de Hôven soe dat wol west hawwe as de Langedyk der al west hie. Nei it oanlizzen fan de nije forbiningswegen binne de binnenpaden mei harren rjochten, linkendewei forfallen.

Furdgum syn lange, smelle stripe doarpsgebiet fan in mannich gewinten breedte, hie it suden yn forbinning mei de (ienichste) pleats op 'e mieden de Furdgumer Miedleane lâns. Ut it noarden wei rint in dyk fan Dykshoek nei it doarp ta.

Fan de Tsjummearumer pleatsen hawwe de nûmers 27,28 en 29, en mooglik ek nû. 30, reed op haedwei en doarp de Sytsema- of Vosseleane lâns hwan. Fierder gyng it oer de Vossetille –

Vossebosk en kaem it mei de Skilleane yn 'e buorren. De Swaerdebuorrenpleatsen, de nûmers 7 oant en mei 10, sletten mei harren reed, de "sandrige wech", by de feart lâns op de sa krekt neamde leane oan. (2)

Dizze wei lâns, út de ûnwennige en iensumme oarden fan de mieden, hawwe de susterkes fan Bethanië harren paed hawn nei it doarp. Bethanië wie stimpleats nûmer 28. De miedpleatsen hiene ek reed oer Hogesyl. De noradlike pleatsen oan Alddyk en Hearrewei hawwe harren reed hawn de Skilleane en de Abinga- of Grienleane lâns. It wiene de nûmers 20 oant en mei 26 en de nûmers 1 oant en mei 6, wylst 17,18, 16,15,14 en 13 Kapellewei en Westerbuorren it doarp yn kamen. Foar Bieuze- en Kleasterpleatsen wie de Muontsjedyk de forbining mei de haedwei.

Easterbierrum hie troch it doarp de âlde Hearrewei rinnen, út it suden wei kamen in pear miedleanen en út it noarden de Konkelswei it doarp yn. (3)

Under Seisbierrum fiere nei it doarp, út it noarden wei de Jan Gerrits- en de Latsmaleane. De earstneamde wurdt yn de "Aanbreng" fan 1546 Ottemaleane neamd, nei de Ottemastins. De oanbringer fan Ottemasaet (de hierder) neamd de wei: "Hearrewei", in namme der 't noch al hwat ryklik gebrûk fan makke wurdt yn dy tiid. Neist Ottema (nû. 8) hawwe ek de beide Meckama's en Brandsma (nûmers 5,6 en 7) harren reed hjir lâns nei it doarp. De nûmers 5 en 6 lizze oan de syddyk dy 't fan de Slachte nei de Jan Gerritsleane rint. De oare Alddyspleatsen: nûmers 1 oant en mei 4 en 30,31 en 32, resp. Eelsma, Goslinga, Douma en Donia en Jong Tsjaerda mei noch in lyts pleatske en Great-Tsjaerda (yn de âldere registers Jeldera Tyaerda neamd) koene de Jan Gerrits- en de Latsmaleane del nei it doarp.

Latsma (nû. 28) en Adelen (nû. 33) hiene de wei nei it doarp ta (de Latsmaleane) tusken harren yn lizzen, wylst Liaucama (nû. 29) in eigen reed hie op Alddyk en doarp. Dy reed westlik fan it slot neamde de slothear ek al "Hearrewei", letter is it Liaucamaleane. It ferlingde dêrfan nei de sédyk is skilpaed en wurdt wol "Vrouwenlaan" neamd. It folksforhael wol hawwe dat de frelles dêr lâns nei sé gyngen te baeijen. Lyts Eelsma (nû. 9), nou oan 'e wei, hie reed op 'e Hearrewei, ek Middelwei neamd, de wei Seisbierrum – Easterbierrum. Ut it easten wei hiene reed op it doarp de nûmers 13 en 14 in leane lâns dy foaroer de Jan Gerritsleane út komt op 'e neamde Hearrewei. Nûmer 13 hat fan 1640 oant 1698 de namme Vogelzang. Letter is dat nei in eigner "Sloterdyk" wurden. Hoewol 't fan de nûmers 10,11 en 12 de gegevens krap binne, de trije bihyplik lytse spultsjes hawwe lein súdlik fan de haedwei en by de Slachte lâns, mei reed op 'e haedwei. De pleatselike situaesje wiisd dat wol út. De pastoarspleats (nû. 15) moast mei 't reau oer it pastoarshiem (nû. 16) nei it doarp. De pastoarsbuorren hjit yn de folksmûle "de kninefokkerij".

De pleatsen súdlik fan it doarp, de beide Walta's en de beide Jûckama's hiene elk in eigen reed op haedwei en doarp (nûmers 18 en 19, 22 en 23). De Jûckamaleane krige de namme nei de beide lêste pleatsen. Hjir lâns moast ek Spyk-Hade (nû. 24). Twa pleatsen oare kant de rie (nûmers 20 en 21) lizze oan 'e wei nei Winaem, mar hawwe oer Getswerterstyl forbining mei eigen doarp. De pleatsen deun om it doarp hinne hoege hjir net neamd to wurden.

Forskate stimdragende pleatsen binne, nei dat se earst degradeare wiene ta "Hoarnleger" of "Stelle", yn 'e rin fan de ieuwen to niete gien. Toarnebeamkes yn 'e sleatswâllen en in wylgestobbe by de daem, binne faek de ienichste en iensumme tsjûgen fan hwat der ienkear stien hat. De gewinten rinne der ek meastal hwat út, omt se hwat heger lizze. Wegen, reden en paden, hwerlâns yn 't forline it deistich forkear hin en wer, nei en fan 't doarp, wize us ek nou noch dy wei.

In bysûnderheit yn it dikestelsel to Seisbierrum – Pitsersbierrum wie, lyk as dat ek tusken Minnertsgea en Tsjummearum it gefal wie, hoe ticht hja ek byinoar leinen en it terpeforbân der oanlieding ta jaen soe: yn de midsieuske ûntwikkelingsgong is tusken dizze doarpen gjin forbiningswei ûntstien. Seisbierrum en Pitsersbierrum wiene beide oansletten op de gritenij-haedwei, de Alddyk. De

maetskappelike struktuer, de biheinde doarpsmienskip en it ûnderlinge forkear tusken de doarpen hawwe ta it oanlizzen fan in wei noadzake. De hiele doarpsûntjowing stiet yn it teken fan it isolemint oan 't op it tsjerkelik gebiet ta, ja dat symbolisearret wol op in skerpst de eigen gong. De bihoeft oan in eigen kapel foar selsstannige en groeiende mienskip, mar ek sucht by de haedling troch eigen parochje in machtsmiddel yn 'e hân to hawwen. Neist it mienskipslibben en tige der yn bifrissele, ûntjoech hin ek de tsjerkelike organisearje. Underskate fan de (doe) twadderangswegen hawwe mei it oanlizzen fan de nije kunstwegen har bitsjutting forlern. Hja forsloffen; de brêgen krigen harren ûnderhâld net mear, de ûnderhâldsplicht waerd omstriden en de ein is west dat de bouwurken ôfbrutsen waerden. Hwat der oer bleau, wie soms in grien-forgetten leantsje dat soms net iens mear mienskiplik bisit is.

Sa leit der, efkes noardlik fan Great-Hermana en jit yn âlde steat, it moaije, hôle dykje fan de nije wei nei de Hearrewei by Durkjebuorren. Ienkear de forbinning fan de miedpleatsen mei it doarp. Ienkear de forbinning fan de miedpleatsen mei it doarp. De wei fan Hichtum nei Great-Folta is forfallen en de brêge ôfbrutsen. Noch gjin ieu lyn, wie it de wei nei it doarp fan de pleatsen op 'e sudermieden. By Brede- en Smelleleane stiet in buordsje: "Eigen weg".

Fan de kunstwei ûnder Furdgum giet, as in âlder forlingstik fan de miedleane, noch in grien dykje oan de feart ta. Under Tsjummearum fine wy se ek. Hwa sjucht yn de Griene- of Aebingaleane noch in forbiningswei tusken de Alddyk en de Hearrewei? Ek de âlde wei foar Swaerdebuorren en de miedpleatsen oer Vossetille- en bosk is bûten tsjinst. De tille is ôfbrutsen en in heechhout der foar yn 't plak kommen. Bysûnder moai leit der noch it griene leantsje op 'e mieden, iuwen lyn it ûnmisbre paed foar de kleastersusters fan Bethanië. Foarfaers paed, hwat soene Jo hwat fortelle kinne sille wy jimme mar net ûnder de hoede sette fan "It Fryske Gea" of "Monumintensoarch"? Alleast jimme net forjitte.

As in skean ramt hinget it wegennet oer eastlik Barradiel. Hjir en der wol in omkromte en it merkbitten dêrfan is de mouite wol wurdich, fral moat it opfalle dat de âlde wegen sa mijend binne foaroer de hiemen en hoarnlegers. Hoe faek net rinne hja mei in bôge of alhiel hoeks der om hinne. To Minnertsgea by Scheltinga, Lyts-Hermana, Great-Lammema en Jelgersma. Op it smelle Furgumer gebiet en by de Aebingaleane ûntwykt de wei ek de hoarnlegers, wylst ûnder Easterbierrum dizze Alddyk him tusken de wenheuvels troch wynt. De wenoarde skynt er earder west to hawwen dan de dyk en it hiem like in hillichdom der 't men net oankomme mocht.

De Sediken

In bysûnder plak nimt hjir de Alddyk yn. Forbiningsdyk tusken de terpen en hege hiemen en bûten dat, lizzend op in stripe fan heech niveau, is er binutte en yn oarder makke as sédyk, tinkelik om it jier 1000 hinne. Net allinne de namme "Alddyk", mar ek it feit dat de lannen binoarden de dyk "kegen" neamd wurde, hwat bûtendykslân bitsjut, biwiisd hjir genoch. Inkelde dielen forriede noch de oarspronkelike funksje, û.o. tusken Kapellewei en Poaswâl.

De Grienedyk fan Moaijepeal oant Dykshoek hat syn úterlik fan sédyk biwarje kinnen. Dat it moderne forkear him bisparre bleaun is, sil hjir de oarsaek fan wêze. Oant 1500 ta wie er sédyk.

De Slachte, dy 't fan de sédyk tusken Seisbierrum en Easterbierrum ôf it suden yngiet, feiliget "east" tsjin westlike en "west" tsjin eastlike dykbrekken, hoewol 't earste opset west hawwe sil: feiliging fan east tsjin west. Hy is jonger dan de Alddyk en wierskynlik ek jonger dan de Middelsédiken. Is de Alddyk ûntstien út forkearsekonomysk forlet en letter mei de beskikbere middels en de jildende ynsichten ynrjochte as sédyk, de Slachte is útslutend oanlein foar wetterkearing. De kreative tiid fan it oanlizzen is net bikend. Nuvergenoch is dit fan de Middelsédyk en de tsjintwurdige sédyk (de bidiking

fan de kegen) ek net to sizzen. De terpetiid roun mei de 10^e ieu nei de ein; de mear radikale bifeiliging troch diken folget yn de dyk-aktive tiid fan de 11^e en de 12^e ieu.

Yn it begjin fan de 16^e ieu is de Slachte de eastlike grins fan it Seisbierummer doarpsgebiet. De westlike is in wetterloop. Om en de by de 50 pounsmiet bûten de Slachte, hwerfan 40 op 'e mieden, wie lykwols skotsjittend to Seisbierrum. De bistjûrlike yndieling is hjir skynber ôfwykt fan dy fan de parochje. Mooglik kin de oarsaek lizze yn it oanlizzen fan de (rjochte) Slachtedyk.

De Wetterlopen

Ek by it bisprek oer de wetterlopen is ús foarste birop op it lânskipsbyld fan hjoed de dei. Wy krije it hjir to dwaen mei fearten, marren, mearen en opfearten. De stavering fan "mar" en "mear" yn de ûnderskate boarnen, bringt wolris hwat bitizing. Om net yn filologyske details to forsilen, yn 't koart: yn de âldere boarnen wurdt "olde meer" en "hemriksmeer" neamd as doarps- en hemriksskieding. De Aldmear (ek Olde feer = feart, neamd) is doarpskieding tusken Wier en Minnertsgea (ek gritenijgrins). De "voormalige Oudemeer" is skieding tusken Minnertsgea en Furdgum en tusken Furdgum en Tsjummearum en is de Aldmear (ek hemriksmeer neamd) de skiedsleat tusken dizze doarpen.

Mar ek komt dat "olde meer" foar by droechleine puoltsjes en markes. Under Minnertsgea wurde de lege lânnen by de Riedstream lâns jit marlânnen neamd en "yn de Mar".

Yn de ûntwikkelingsgong fan de dyk is de terpförbining primair, by de wetterloop dan is dit de geul, de slink. Yn it kwelderlânskip wiene dit de gongen fan tij en leechwetter, nei it bidykjen de ôfwetteringstochten nei sé.

As wy dan ek yn it Reg. v.d. Aanbreng III lêze: de "Olde sylroe nae Coldehoe", der 't in syl wie, dan hawwe wy hjir grif to dwaen mei in âlde slink. De beide wurddielen fan "sylroe" hawwe harren eigen aparte bistjutting, dat net sizze wol dat alle "zijlroede" út lettere tiden mear foldie oan de âlde wurdbitstjutting. Folle is der fan dizze âlde tastân net mear nei to gean; it moat meast by ûnderstellingen bliuwe.

To Minnertsgea is ek sprake fan in ôlde sylroe. Oan de hân fan de neistlizzers (Benefisiaelboeken) is op to meitsjen dat dizze eastlik efter- en parallel mei de Scheltingawei roun. Der is fan oerbleaun, fan de (froegere) tsjerkhofgrêft ôfrekkene it noarden yn: it earste ein in wetterlossingsgriepel en fierderop in brede djippe sleat. Dizze wide sleat sil ek foar Scheltinga de opfeart west hawwe, de ûnmisbre förbining fan elke pleats mei de bûtenwrâld yn dy tiden.

Sleat-, fjild-, boaijum- en dykûndersyk soe hjir wissichheit jaen kinne oer gans fragen: is dizze wetterloop sa âld dat er erartiids yn sé útroun? Hwearerne dan? En dat sadwaende "syl" en "roe" beide har forklearring krigen? In theöry fan Ir. Walther, dat ek de Hearrewei sâwarrend wie en de âldste ynpoldering fan eastelik Barradiel omfette en âlder dus dan de Alddyk, soe bitsjutte kinne dat de neamde wetterloop net fier fan it doarp mei in syltsje op 'e sé loasde. Wie dit it gefal dan wiene der mooglik nog wol spoaren fan to finen. Fral de bou fan in dyklichum kin hjir hwat sizze. Om ien foarbyld te neamen (en dat net om to ûnderstellen dat dêr nou in syl west hat): foar it yndykjen fan it Bildt steane der twa pleatsen bûten (Griene) dyks en lizze fier bûten de rige dy 't yn de nije polder lâns de nije (nou Aldebilddyk) séwarring forrize sille. De eastlikste hat stien flak by de gasthúspleats oan 'e Grienedyk (letter oerbrocht nei de Alde dyk) en de oare efkes bieasten Dykshoek. Hja hiene beide reed op 'e Grienedyk. Dizze twadde pleats stie dêr binoarden de dyk, hwer 't oan 'e súdkant it Biltse-feartsje (it forlingde fan de "voormalige Minnertsgaster Oude-Meer, dat skiedsleat wie tusken Minnertsgea en Furdgum) tsjin de dyk dea rint. Reed, dobbe en hússteden wize it plak fan de pleatsen noch dúdlik oan. De binnenberm fan de dyk hat hjir in opmerklike ynbûging. Dy kin makke wêze om romte to krijen foar it swaeijen fan preammen en skipkes (de pleats sil der opslach hawn hawwe). Lykwols hie men dan de dyk dy romte net hoegen to ûntnimmen en dêrtroch to forswakjen.

Mear wierskynlik liket my ta dat dizze forsmelling in bregje hawn hat, 't sy dan mei of sûnder syl. It hat yn elk gefal wissichheit dat hjir in bipaeld wettersteatkundich doel dizze foarm oanjown hat.

Mei de Hear Feitsma Sr., de boer fan de gasthúspleats hawwe wy de pleatselike situaesje dêr ris goed opnommen en kaem ta de hjir taljochte lokalisaesje. (4)

Dat dizze âlde tochten yn lettere tiden út wettersteatkundich- en ekonomyskbitinken wei, modernisearre binne, leit foar de hân. In Hemriksmeer wie mar acht foet breed.

Ik weagje yn dit forbân de ûnderstelling dat de feart to Minnertsgea foar de buorren rjochts ôfswinke en efter de Lytsebuorren lâns yn de tsjerkhofsgrêft útroun en om it tsjerkhof hinne forbining hie mei de boppeneamde "olde sylroe". Dat dy forbining der wie hat wol wissichheit. Aldere minsken witte noch skoan fan it foartste diel ôf, efter de Lytsebuorren. Fierder is de âlde kadastrale situaesje net nei to gean. Wol is it bikend dat preamen by de jister fan de Hermanapleats donglade koene en dat er in wenskip laei yn de troch my as sylroe oanwiisde wide djippe sleat efter de doarpsterp lâns. Dat de "trochbraek" tusken Lytsebuorren en Tsjillen, en ek de smelle ridde troch it doarp as in lettere forkearsforbettering it wetter lâns, sjoen wurde moat mei as doel: in forbining tusken Minnertsgeaster- en Tsjummearumerfeart, fral mei it each op it greate bilang dat de pleatsen dy 't noardlik fan it doarp leine, der by hiene, is folle foar to sizzen.

Yn forbân, en mooglik lyktidich mei dit wurk útfierd, kin men sjen in ôfsnijing fan de wetterloop út westlike rjochting. Dizze wetterloop moat mei in bôge om de terp hinne roun hawwe en is dy bocht ôfsnien en de feart troch de terp groeven. Geografysk en geologysk sjoen heart it lân mei de snút foaroer Westerbuorren (oer de feart dus) by de terp. Freegje it hwat de grounaerd bilanget mar oan de garnier dy 't it brûkt. It wâlprofyl fan de feart dêr oan beide kanten wiisd dat ek oan. Ek de wide reidsleat noardlik fan it amputearre diel lyksa. In likens heech en steil wâlprofyl fynt men tusken Fernia en de Tsjilsterpiip der 't wy de feart ek seagen as in kunstmietige forbining. Prof. J.P. Bakker hat útmakke dat by boaijumûndersyk blykt dat mannige geul of slink tsjin in hege rech, hwerop ek in terp of terpen ûntstienen, dea roun. Neffens dy theöry is it to forklearjen dat yn in doarpsterpenkompleks gjin natuerlike wetterlopen wêze kinne en de lettere forbinings groeven wêze moatte. Us terpdoarpen binne boud op hege rêggen; tsjin dizze rêggen is it opkommende wetter op- en dearoun. In forskynsel dat ek nou noch yn kweldergebieden waer to nimmen is.

"Wiid" en "Rie" (Riedstream) bihearskje it lânskipsbyld fan de súdlike seame fan Barradiel. Net great en machtich as Ryn en Donau en net iens sa libben en moai as de streamkes yn de súdeasthoeke to úzes, dy 't mei harren ytlike meanders (5) fan de hege sâangrounen komme en as in slange troch de lege feanige dellings krûpe Wiid en Rie hawwe eigen skyntme en in eigen natuerútstalling im harren hinne. Yn de winter de iensumme fjilden der 't de ljochtbiplomme reidkragen skerp ôfstekke tsjin de feale greiden en skiere loft; der 't gjin nijmoaderige drokte de rêst skeint en yn de maityd de weagjende, ûnbineambre kleurenpracht fan sûrbistâllen, pinkster- en bûterblommen, hweryn en hwerouer in oerallige fûgelwrâld har maitydslûden hearre lit. Hwa dichter sil dizze moaijens dêr, nochris bisjonge?

Wiid en Rie: hwer 't har paed wei kaem en hinne gyng? Oft it fan Berltsum kaem of dêrhinne gyng? Fan Wide en djippe getijgeul bilune ta in restich farwetter yn in letter bihearske boesum. Natuerlike grins tusken pleatsen en doarpen en fan Moaijepeal oant Rie ta binne Ald-Mear en Wiid gritenijgrins. By Rie en Bûr is it initiatyf west by de kolonisten fan de súdkânt, dy 't de sompige lânnen eksploitearren en nei har namen.

Tusken Trijemolen en Getswertersyl giet de gritenijgrins troch it marregebiet. (6) Nei Getswertersyl is it initiatyf oan Barradiel. De Rie en in brede stripe der oer hat it yn 'e bisnijing.

Wetterloop en Bisitsskieding

De ûntwikkeling fan de biwenning yn Barradiel hat wol in oare wei nommen as dy fan it Bilt, de delta fan de Middelsé, eartiids ek in kweldergebiet en yn it begjin fan de 16^e ieu droech lein. Dêr wiene mei gauwens trije systematysk plantte doarpen. En de nije Súdersépolders dêr is de hiele mienskip folwoeksen yn set: de boer, de arbeider en de ambachtsman. De doarpen op in technysk-bureau in plak oanwiisd. Fan dat alles yn Barradiel neat. Gjin kultuer-technyske ekspêrs, noch boukundige kommissjes. Mooglik fiskers en jagers op aventúr en fangst út yn 'e slinken en geulen, dy 't harren hjir, nei dat hja goed útsjoen hiene, nei wenjen set hawwe.

Dat er tusken de wetterlopen en foarming fan bistjûrljike ienheden forbân bistiet is sûnder folle muoite oan te wizen. De funksje fan Ald-Mear en Wiid neamden wy al. De Lauwers makket de skieding út tusken Fryslân en Grinslân en de Moesel tusken Idaerderadiel en Raerderhim. De natuerlike skieding waard ek de steatkundige. By sa'n gritenijskieding giet lykop de skieding fan de pleatsen oan wjerskanten en fierder hawwe de lytsere tochten en yn lytser forbân ynfloed hawn op de bisits- en pleatsefoarming.

Yn it foarste terpe- en kweldertiidrek, doe 't de slinken en geulen de dielen fan it lânskip skaten en de ûnderskate slachten en famyljes harren eigen eksploiraesje- en forsoargingsgebiet hiene en lâns hwat wei dan ek, der it eigendomsrjocht fan yn hânnen krigen, hat de bisits- en pleatsefoarming rekken hâlden en hâldde moatten mei de natuerlike wetterlopen.

Binne fan dizze ûntjowwing yn ús doarpen de spoaren jit oan to wizen?

Skriuwers fan namme hawwe út archivalia en oare gesichtshoeken wei, dizze tsjustere herne fan de skiednis biljochte. Dr. Postma seit hjir fan: "waarschijnlijk ligt de betekenis voor grondeigendom en grondgebruik voor deze streken zo ver in het verleden dat er weinig mogelijkheid bestaat haar eenmaal voldoende in het licht te stellen" (7) en Mr. L.J. van Apeldoorn miende, nei oanlieding fan it feit dat yn Tacitus' tiid net mear in jierlikse fordieling fan de groun barde, dat it bliuwend gebrûksrjocht linkende wei eigendomsrjocht waard. (8)

Foar de greate, âlde gebieten fan de germanen mei dat jilde kinne, mar as it foar it Fryske kweldergebiet ek jilden hat, lit him mouilik tinke. De fase fan kolletyf bisit liket my ta hjir net it begjin west tot hawwen, mar oerslein to wêzen. By de fraech hoe it eigendomsrjocht ûntstien is wolle wy ús ek net langer ophâldde. Wy wolle neigean oft yn de hjoeddeiske situaesje geografysk ek spoaren to finen binne fan de pleatsefoarming. In yngeande waernimming fan it tsjintwurdige lânskipbyld, neist it rieplachtsjen fan de Reg. v.d. Aanbreng en it Floreenregister mei harren neistlegersopjeften, soe hjir ris in krûmke ljocht skaffe kinne. Net oer it bisitsrjocht dus mar oer de foarm fan it bisit en de ûntjowwing dêrfan, giet it.

It gebiet fan de beide slotpleatsen Hermana en Sixma fan Andla leit eastlik fan de Minnertsgeaster feart, nearne komt it der oer. Fernia en Haitsma lizze westlik derfan. Oan de feart nei Tsjummearum fine wy deselde situaesje: oan de súdkânt earst Haitsma, dan it Orxmakompleks (nû's 22,23 en 24). Tsjessinga en de beide Folta's (nû's 28,26 en 25) hawwe de feart as súdlike neistleger. Oan dizze feart en ûnder Tsjummearum: de Swaerdebuorrenpleatsen, nû's 7,8 en 10 oan 'e súdkant, de nû's 6,11 en 12 oan 'e noardkânt.

Floreenregister:

Nummer 7: "Vaart naar Minnertsga ten noorden en by it dwersrekje ten oosten".

Nummer 8: "Ane Riemers (nummer 6) en de vaart naar Minnertsga ten noorden".

Nummer 10: "De vaart naar Minnertsga en de "sanderige weg" (d.i. de froegere reed by de feart lâns nei it doarp ta) ten noorden".

Nummer 6: "De Heer Heemstra (nummer 8) en de Minnertsgastervaart ten zuiden".

Nummer 11: "Minnertsgastervaart ten zuiden".

Nummer 12: " De vaart en het kerkhof ten zuiden.

Der moat yn dit forbân op wiisd wurde dat net allinne it lytsbidriuw yn de lêste ieu, mar ek skinkings yn de midsieuwen oan geastlike organen (tsjerken en kleasters) it âld bisit noch al hwat oantaest hawwe. Fral dat lêste is to merkbiten oan de mieddyk nei Sixma fan Andla en dan oan wjerskântien fan de feart. Yn 1543 gyng it dêr binei om 't oare gewint: pastoar-Hermana, hwerút it bliken docht dat dêr gewinten tusken wei nommen binne foar ûnderhâld fan de geastliken. Oer de feart wurde de "Haytzummalânnen" en de Fernialânnen skaet fan de feart troch de kleasterlânnen fan Ludinga, eartiids patroanslân. De massive gerjochtichheden fan de âlde bisitsienhieden hawwe dus hjir en dêr in fear litten. Sa ek tichter by it doarp. Eastlik fan de feart is troch tsjerkelik guod it Hermanabisit fan de feart skaet. Foarts laei dêr de finne fan de koster-preester, dan Oxenefinne en Munckefer fan de pastoar en fierderop hwat wy al neamden om en om lânnen fan pastoar en Hermana. Westlik fan de feart leit de greate Tsjolrefinne fan de pastoar oant de tille ta en Fernia ten westen.

It is bikendernoch dat by de stifting fan in tsjerke, lân en oare fêstichheden frijwillich, of mooglik ek op gesach fan tsjerklike gesachsdragers, biskikber steld waerden ta ûnderhâld fan de earetsjinst en dat dizze tsjerkelânnen eartiids fan de greate bisitters (as de "seame" fan harren gerjochtichheit?) dêrfoar jown binne. Ik mien, de útsûnderingen sa besjoen, dat oannommen wurde mei dat de natuerlike wetterlopen by de bisitsfoarming en dieling in greate faktor west hawwe en dat de spoaren nei safolle ieuwen noch oan to wizen binne yn lânskipbyld en gearstalling fan de pleatsen.

De Terpen

Oer de terpen is al it ien en oar nei foarren brocht, dat der kinne wy koart oer wêze...

De noardlikste rige bipaald him ta in evenredige stripe by de Alddyk lâns, wylst yn de rige fan de Hearrewei en yn dy fan de Moaijepeal - Minnertsgea – Tsjummearum in tal terpkompleksen, gehuchten en ek doarpen ûntstien binne.

De súdlikste rêch, de mieden lâns, hat op in inkelde útsûndering nei allinne mar wenheuvels fan lytser omfang en hichte, opboud ta biheinder doel. In fiedere útwreiding hat hjir net west. It ûntstean fan gehuchten en buorrens barde pas dêr hwer 't de mienskip útdijdde en tagelyk dêrmei mear terpromte wêze moast. Dy gehuchten en buorrens hawwe lange tiid min of to mear in selsstânnich bistean hawn en de ûntjowing yn lettere tiden is tige ûngelyk gien. Goun binne gehucht of buorren bleaun, oaren hawwe it brocht ta in lytse doarpsfoarm en wer oaren binne fier boppe dy miette ut kommen.

In sprekend foarbyld fan in gehucht of buorren dat tige selsstânnich west hat is Swaerdebuorren mei it efterlân Swaerderahemrik. It archeologysk ûndersyk yn de hjerst fan 1951, forrjochte troch de "Rijksdienst voor het oudheidkundig bodemonderzoek" wiissde út dat dizze buorren (buurtschap) in eigen bigraefplak hie, dat datearre waerd op de 8^e ieu.

Dat de Winaemer terpen âlder binne dan dy yn de rige Pitersbierrum – Minnertsgea en dat de earstnemaden hearre by de rige Berltsum – Doaijum is net allinne troch geologen mar ek troch de âldheidkundige fynsten bifêstige. Yn de earstneamden waerd potgoud foun út de romynske tiid, wylst dat by de oaren net fierder tobek gyng dan de 7^e ieu (Ber. R.O.B., Aug. '52). It ûndersyk yn de Haitmaterp to Minnertsgea troch Prof. van Giffen, kaem ta deselde datearring.

De Wieren

Oer de wieren hawwe ûnderskate skriuwers har omtinken gean litten. Oer doel en nut fan de wier wurdt ûngelyk tocht. Guon miene dat it in flechtheuvel west hat, oaren dat er in fordigeningsdoel yn hie en dat er yn mannich gefal stinzich bouwurk op stien hat. De archeologen sille dit útmeitsje

moatte, in ûndersyk der 't net folle objekten mear disponibel foar binne. Dêrtroch wurdt in konklúzje, hwat kânt ek út, minder oertsjûgjend.

Ien fan de oerbleaunen is de Ottema-wier to Seisbierrum. Seisbierrum hat yn de 16^e ieu hjiryn in eigen oansjen. By de oanbring fan 1546 wurde opjown of neamd de wieren by Eelsma, Adelen en (Ottema?), resp. ûnder nû. 2, 11 en 13. De kaert fan Schotanus-Halma jowt by Great-Tsjaerda ek ien oan mar dizze is net yn de oanbring neamd. Wol de molewier op 'e westlike rânne fan de greate terp (nû. 28). Rippert Elinxma jowt 5 pounsmiet oan "aen die stins geleghen". Dit is de Ottemastins. Hy is sels westlik neistleger. Reynder Gerrits jowt oan: "Ottema saet, hebbende in den earsten een stuck saetlandt mijt die huijssteedt ende wier", de patroanslânren (Goslinga) noardlik. Rippert jowt syn eigen wier sa oan: "noch drie pondematen saetlandt mijt die hijem ende die wier".

Hwa 't de neislegers út de R.v.d.A. III neigiet sil sjen dat de situaesje ek nou noch frij gelyk is. De fjouwer pleatsen: Great- en Lyts Eelsma, Ottema en Brandsma lizze ek noutiids noch yninoar om-en-op mei útrinders, sa'n fjouwerlânren kompleks. Lyts Eelsma is wol "forpleatse" nei de greate wei en fansels moat men Ottema-stins en pleats (nû 8, st. koh. 1640) noch yn wêzen rekkenje. Ottema is oan de wier noch to kennen, mar Lyts-Eelsma 's sté, westlik fan Brandsma, is binei ûnkenber makke troch it tichtsmiten fan de grêft en it rjocht meitsjen fan moaije omkromten yn de wide sleatten, mar de lânren lizze ek nou noch: "streckende aen die ôlde dijck" en westlik fan Great-Eelsma. De wier fan Adelen wurdt oanjown troch de hierder: "vijfthelwe pondematen lants mijt huijssteedt wijer ende cleijene fenne".

Yn Tsjummearum wurdt ien wier dúdlik oanjown: "wier ende huijssteedt" (R.v.d. A. III, nû 52). Oan de neistlegers is it net úttomeitsjen hwer 't dat west hat. Yn nû 4 fan it neamde register komt ek in sin foar "huijs mijt die wer", mar oan de neistlegers to sjen, sil it in smel stik lân west hawwe foaroan by de fiskersfeart. Ek hat er in molewier west to Tsjummearum, westlik fan de Vosseboskpleats.

Ut de skreaune boarnen blykt nearne dat Minnertsgea in wier hawn hat. Wol wiisd de kaert fan Schotanus-Halma ien oan by Great-Folta.

De Stinzen

Der hawwe yn Westergoa mannichten fan stinzen stien. Ordinancie en Register fan de rjochtsomgong yn Frjentsertediel (1406-1438), it dokumint fan sa'n greate rjochtshistoryske wearde, jowt hjir in skoander byld fan it greate oantal dat er yn dizze gritenij wie. De fornaemste statebisitters yn de midsieuwen hiene harren hoarnlegers yn steat fan fordigening brocht mei grêften, singels, poarten en stinzen. Hwerom soe Barradiel se ek net yn in great tal hawn hawwe?

De archivalia jowt hjir lykwols in lytse rispinge. Ut it testamint fan Wytthij fan Camminga (1541, sjuch ek Fr. Volsalm. 1855): een strenghe lants leggende toe Minnertsgea bij Hermana poerte". It stik lân súdlik fan de pleats hiet, foar dat it as bouterrein yn bislach nommen is "it Stinzelân". Sybrandus Leo neamd Castu Ottema (Seisbierrum). Ek "de Poertfen" foaroer it âlde "Vetus Vallis" oan 'e Kapellewei (1182 – 1234) tsjûget, mei de ûntdutsen grêft, fan forsterking fan hoeve en kleatser. Tedardus fan Lidlum (abt 1386 – 1422) makket fan it kleaster in stins, d.w.s. hy bringt it yn steat fan fordigening. Ludingakleaster wurdt oanjown mei in "stienhuijs" (= stins).

Yn 't algemien libbet er in forkeard bigryp oer dy stinzen. Der wurdt faek tocht oan greate kastielen mei tuorren, sa 't har der letter wol út ûntwikkele hawwe en ek nou jit yn wêzen. It bigjin is lykwols hiel oars west. De archiven hawwe nammen as "mujrstins" en "steenhuijs". Neist de pleats trof men yn mannich gefal de stins oan. It is de tiid dat de tsjinstelling houten-stiennenhûs nij en great is. Tsjerken en kapellen binne de earste stiennen bousels west. De bleatleine founeminten fan de earste

Minnertsgeaster tsjerke wurde datearre op 'e 12^e ieu. Letter folgje de stinzen en poarten. Neist de pleats, in houten bousel, komt de stins. Net nijmoadrigen mar fordigening is hjir primair. Tsjerke en kleaster, net mei dat doel stifte, lykje der dochs gaedlik foar to wêzen.

De St. Walburgtsjerke to Grins der 't in jiermannich lyn troch Prof. van Giffen de founeminten fan foun waerden, hat mear op in fort like dan op in tsjerke.

Hwa 't ek nou noch de schierstins to Feanwâlden bisjucht, sil ta it bigryp komme dat in stins, fral to nearsten in gebou fan biheinde mjitte wie. Ik ûnderstel dat in stiennen poarte, lyk as noch by Liauckama stiet, ek as stins of "steenhuijs" bititele waard.

It leit foar de hân dat it tal stinzen hurd oanwoun en de bou in rêdde gong fan ûntwikkeling trochmakke. Singels en grêften mei poarten en flapbrêggen, makken de feilichheit folsleiner, wylst ek ear en staesje der yn ta útdrukking komme koenen.

Fan dizze fordigeningswurken binne forskate oanwiisbere spoaren oerbleaun. Wy neame inkelde. To Minnertsgea de trije Hermana's (hjir is dan de âld pastorij by rekkene), Sixma fan Andla, Great-Tsjessinga, Great-Lammema en Fernia. To Furdgum Camstra. To Tsjummearum Roorda en de beide state's dy 't skonken waerden foar stifting fan in kleaster: dy fan Sibbo fan Lidlum en Tsjessema fan Joh. Roorda. To Seisbierrum: Liauckama, Aebinga (Hottinga), Latsma, Eelsma, Adelen en Ottema. Hwat Ottema bilanget, de opjefte fan Rippert Elingsma jowt genoch oanwizing oer stins en grêft. Sa ek de oanspraken dy 't Liaucama jilde lit (R.v.d.A. III Seisbierrum nû 13). Al dizze gegevens, der 't noch by komme dy fan Reynder Gerrits (1546), mar ek binammen de kronyk fan Sybrandus Leo dy 't "Castu Ottemastins" neamd wize op in stins op de Ottemawier.

"Great" en "Lyts"

De forhâlding pleats – mienskip is âld. It folle ljocht op dy forhâlding yn it bigjinstadium sil wol nea fâlde, mar dat hja in natuerlike en logyske oarsaek hie is wol oan to nimmen. Wy seagen al dat de wetterlopen oanwizing jowe oangeande de bisitsfoarming. Hwat de fierdere dieling bilanget sille wy ús de logyske ûntjowing sa foarstelle moatte, dat by it útwreidzjen fan it slachte it eksploraesjegebiet ek útset waard en minder gaedlike doarpsgebieten ek yn biwurking nommen en dêr ek pleatsen foarme waerden. Ek de ienheden yn âldere gebieten ûndergeane sa hjir en dêr in dieling, dy 't wy werom fine yn it "Great" en "Lyts" fan de stimlist fan 1640, in bineaming dy 't foar in great part biwarre bleaun is. Dat dit net sûnder mear in oanwizing is fan great foaroer lyts sûnder fierdere relaesje, in moadeforskytsel by de nammejowing, mar dat it in ôfsplicing en fierdere dieling west is fan de greatere ienheit yn forbân mei de al neamde útwreiding, is dúdlikernoch. Hja lizze binei yn elk foarkommend gefal ek tsjininoar oan en meitsje in geografyske ienheit út. As útsûndering founen wy Great en Lyts Eeckama (nû's 21 en 17) tot Roardahuzum en yn itselde doarp de minder dúdlike situaesje mei de nûmers 7 en 11. Nûmer 7 wurdt Gaickama mar ek Bieckama neamd en nûmer 11 is Lyts-Gieckema. De earstneamde pleatsen lizze gâns in ein faninoar ôf en de beide lêsten hawwe in pleats tusken harren yn. Wy hawwe hjir to dwaen mei in twadderlei oplossing fan in agraryske kwestje dy 't ek yn ús tiid noch urgent is: plak foar nije bidriuwen. Men foun de oplossing troch it yn eksploitaesje nimmen fan nije gebieten en splissing fan greate en âldere ienheden. Yn de jongere gebieten, de miedens, fynt men dizze ôfsplicing: lyts fan great en nij fan âld net, alteast net yn de plakken dy 't wy neigynge. Fansels komme wy foar de fraech to stean: yn hwat fase fan de ûntjowing is dizze splissing yn lytsere dielen bard? Yn elk gefal foar de tiid dat harren rjochtlik plak fêstlein waard yn in list. De dieling kin derom wol tiden foartiid bard wêze.

De "great" en "lyts" gefallen yn Minnertsgea binne: foarst de trije slotpleatsen Hermana, Tsjessinga en Lammema. Fierder Orxma en Folta. To Tsjummearum Wytsma en Tania. Hwat dit lêste bilanget, de namme "lyts" fine wy net foar in pleats. Der hat wol in lyts stimpleatske tsjinoan lein (nû 9), mar

der wurdt gjin namme by neamd. "Nieuw-Harkema" falt bûten dizze skôging, 't is in pleats (wy neamden dat al) yn lettere tiid ûntstien en sûnder stimrjocht. To Seisbierrum binne it Eelsma, Meckama, Jûckama, Walta en Tyaerda. De beide lêsten oanjown mei "Ald" en "Jong".

De bisitsdieling is in proses west fan iuwen, mar konsolidearre en yn bistjûrlik stâl kommen fan de rjochtsomgong, der 't de ynlike bân mei de stimhawwende pleats sa'n glânsjend faset fan útmakke. Untstean en bisten fan de rjochtsomgong yn de rjochtshistory hawwe mannich heimnis. It grêteste derfan is wol, dat hoewol it bisten net tot ûntstriden is, it ûntstean forhoalen leit yn in ûnbikende datearring. Forwûnderlik is it dêrby dat de archivalia ús yn it tsjuster omtaeste lit. Sa'n wichtige faktor yn de opbou fan in kommende mienskiipsorganisaasje, lyk as it bistjûr- en rjochtsapparaet wie en dat der nou neat fan biwarre bleaun is op skrift, yn gefal der al ea hwat fan fêst lein west hat yn bislút en wet, hwant dat kin ek it gefal west hawwe. (9)

Wy sille dy mooglikheit hwat fan tichterby bisjen. Forwûnderlik gjin lânrycht en gjin seendrjocht, gjin keur of kêst rept dêr fan. Yn gjin legende noch yn in autentike wettenrige of yn fortroude kopiën fine wy ek mar in lytse oanwizing nei it ûntstean fan de rjochtsomgong. Hwat Tsjalling Roedmersma fan Doaijum yn syn "Ordinancie" en fierder it "Register" ús neilitten hat, hoe wichtich ek, is in oantekening mear net, fan itjinge der barde yn de gritenij Frjentserterdiel yn de jierren 1406 – 1438.

Ik soe de mooglikheit ûnderstelle wolle dat dizze wet nea omskreaun west is. Berne en woeksen út en ûnder it gewoanterjocht yn de tiid fan it tusken biheinder grinzen bilune Fryslân, hat dizze oarder mooglik yn de Karolingyske tiid foar it earst in offiseel plak ynnommen, wylst it doe opnommen wurde koe (as biesteande oarder) yn de widere romte fan it Frankyske ryk. Bistjûr en rjocht hat doe al op in heger plan stien as dat wy ús meastal foarstelle. Fierder yn de midsieuwen op komt de disoarder, it stelsel is yn 't neigean. Somlike "Dielen" komme ûnder kuratele, de geastlikheit bineamd rjochters en furdiget gritenijwetten út. (10)

De hartoch fan Saksen set yn 1499, it by de rjochtfierende pleatsen omgeande "eed en amt" stil. Hy bineamde foartoan sels de grytmannen, guon dy 't him mear tagedien en genegen wienen en bûtenlânners út eigen lân fan komôf.

Anno Domino 1640. Der is gâns foroarre. De Saksyske- en Bourgondyske foarsten hawwe harren tiid hawn. De biskoppelik-wrâldske macht, troch Karel V al ynkoarte, bistiet net mear. Fryslân yn Unyforbân is autonoom. De stimrjochtwein is sûnder grytmanstsjil trochkarke. "Nae older ghewoenthe" hiet it meastal. Fan rjochtdragende pleatsen wie gjin sprake mear. Yn 1539 kaem in plakaet út fan Karel V dat oanjoech hwa 't oan de forkiezingen diel hiene, guon "gebruijkende schotschietende huijsen off ploeggangen" en "by het luijden der Cloecken aldaer vergaderende zullen binnen de kercken". De klok waerd trije kear om de ûre klept mei 100 slaggen, dan kaem de doar ticht.

De gearkomste yn de "ghakercke" wie in ûngedielde massa fan stimbirjochte pleatsebisitters en samlers (!) fan stimhawwende hoarnlegers. Yn 1640 hawwe de Steaten, hwat men tsjintwurdich in suvering neame soe, tapast. De âlde rjochthawwende pleatsen krigen plak op de list en dizze moast dan ek it âlde byld toane fan eartiids.

By it identifisearjen en lokalisearjen fan de pleatsen die it bliken dat dit yndied sa wie. De nûmers per diel mei de sinneom nûmere. Hji hoecht gjin fierder biwiis oandroegen to wurden foar de stelling dat sa'n (folchoarde?) ek tsjinne hat yn de tiid doe de "Rjochtsomgong" yn syn folle gloary oan de Fryske politieke himel stie. En de konklúzje moat wêze: Barradiel hat foar 1499 in bistjûr- en rjochtsomgong hawn, dy 't yn 't lêstoan net mear funksionearre. (Dat seit nei hoelang foar 1499 it al net mear funksionearre). De rjochtspleging doochde al nearne mear, amt en macht wie al in famyljesaek wurden, formeel yn oarder neffens it eigendom en rjocht fan de pleatsen, mar omgeande ûnder eigen pleatsen, fan 't jier rjochter-grytman neffens pleats A en it oare jier neffens

pleats B. De Lândeï skynde dat foar "Frjentserterdiel" noch al ridlik to finen en to fortrouwen, hwant yn 1475 kaem "Barradiel" fanwege "wanrjocht" ûnder kuratele fan dizze gritenij.

De fraech is dien oft yn âlde brûkmen der 't somliken fan oant nou ta libje, heidenske ynfloeden sitte. Understellingen binne makke dat it kloklieden by it biierdgjen en it dragen fan de deade om it tsjerkhôf, ien of twa kear it grêf forby en dat mei de sinne om in oerbliuwsel is fan de heidenske deadenkultus en dat it heidenske grêffjild, of ek it dingplak it tsjerkhôf wurden is by de oergong nei it kristendom. Nou moat men oan elk âld gebrûk net in sakrale bitsjutting jaen. Ek yn kultuerskiednis en technyk fynt men algemiene gebrûken en methoaden fan ieuwen her. Doe 't de joaden út de Nyldelta wei reizgen nei Palestina troch de woestenij, legeren hja harren yn de rêst stamsgewize mei de sinne om en hwat de technyk bilanget: de skroefried giet ek mei de sinne om. De nûmering mei de sinne om hat dan ek neat út to stean mei heidensk brûkme en noch minder mei de nasjonael-soasjalistyske theöry fan hillige plakken en linen.

It is tige wierskynlik, dat it kohier, der 't it dielenstelsel dúdlik yn útkomt, tagelyk mei de steatkundige organisaesjeform, it bigjin foun hat. De mienskip fan de greate bisits- en gebrûksienheden, der 't wy de grinzen faek fan hwerom fine yn de âlde wetterlopen, is troch forerving en ôfsplissing ryp wurden foar in steatkundige foarm. Fan ekonomyske ienheden rekke men ta de steatkundige.

Pleatsenammen

De earbiedigwaardige âlderdom fan it amts- en rjochtsbistel fan de rjochtsomgong, stelt de stimpleats yn in bysûnder ljocht. Yn de grize âldheit fan de bisits- en pleatsefoarming hat de (stim)pleats syn ûnstean. Bisit brocht plicht mei ek yn de foarm fan lieding jaen en gesach oefenje. Mar ek yn de foarm fan it opbringen fan bilêsting. Yn in oarkonde fan 948 moat al sprake wêze fan "huslatha" of "husskot", dat oan de kening bitelle wurde moast. (11)

Wy steane hjir wer foar de frage fan de datearring, hwant der meije ytlke wenheuvels wêze út it terpetiidrek en midsieuske âlde stéën der 't yn beide gefallen bousels op stien hawwe fan fryske bakstien dat hat net de earste bihuzinge west. Dêr hawwe earder primitive houten wenten stien mei mooglik hwat bergromte en in heaberch op it hiem. Stiennen gebouwen komme pas yn de 12^e ieu, earst tsjerken en kleasters, fan douwestien faek en dan folge yn de bakstienperioade de stinzen en pleatsen fan de machtichste haedlingen.

De ûntwikkelingsgong fan de greate bisitsienheit nei it mear forspraette bisit rint út op in bepaeld tal stimpleatsen. Gong en tiid hweryn ek bistjûr en rjocht foarm en stâl krije. De nammen fan de stimdragende pleatsen dy wy tomiette komme meije neist oare toponimen wol ús bilangstelling hawwe. Hwat stiet it ek steatlik hwannear op de homeije de namme fan de pleats stiet, fral as dy namme histoaryske ynhâld hat. It is as de forguldene namme op de foarside fan in wichtich boek. Lykwols, in great tal pleatsen der 't men de skiednis sprekke litte kin op de homeije, swije. Hjir is neist mateariële wolfeart en steat in greate earmoede yn kultureel-historysk-steatlik bisef. Dizze nammen en ek dy fan lânnen en wegen, iepenje gâns perspektiven.

Fral Seisbierrum is hjir in nijsgjirrich terrein. En dat bilanget net allinne it bûtenwenstich tal pleatsen dy in namme drage yn it kohier fan 1640, mar ek de toponimen út de 16^e ieuske boarnen hawwe sa'n opfallend geakundich karakter, dat hja it gea einliksen foar ús eagen útskilderje. Wy sille oer pleats en namme ús omtinken gean litte en neigean de historyske sin- en waerde fan de namme. It is hjir mei tige ûngelyk gien. Meast hawwe se de namme fan âlde lânadelike slachten en eigenerfde boeren.

Yn de 17^e en de 18^e ieu is der net folle foroarring yn de nammen kommen, tinkelik troch de eask fan periodike opstelling fan de kohieren, dy 't stabiliteit meibrocht. Yn de 16^e ieu is der mear mutaesje. De nammen wikselden hjir faek mei de eigner of hierder. De nammen fan de greate en forname states binne hwat hiemfêster. Letter is wol bard dat in nije eigner de namme krige, út reden bûten de slachtsnamme. Wy komme se wol tomiette.

Seisbierrum

De pleatsenammen to Seisbierrum binne: Great- en Lyts Eelsma (St. koh. nû 1 en 9), Goslinga (nû 2), Douma (nû 3), Donia (nû 4), Great- en Lyts-Meckama (nû 5 en 6), Brandsma (nû 7), Ottema (nû 8), Vogelsang (nû 13), Rinsma (nû 17), Jonge- en Great Walta (nû 18 en 19), Lyts- en Great Jûckama (nû 22 en 23), Roardama (nû 24), Spyck-Hade (nû 25), Aebinga (nû 27), Latsma (nû 28), Liaucama (nû 29), Jonge- en Great Tyaerda (nû 30 en 32), Adelen (nû 33), Oedsma (nû 34) en de Vikarij (nû 36).

Eelsma-state is neamd nei it forneamde slachte fan dy namme. Rippert Eelinxma wie yn 1546 eigner. Goslinga (de tsjerkepleats) dat yn de nije kohieren neamd wurdt, hjit yn 1546 Feickama-saet. By dit Feickama hearden 12 pounsmiet Goslingalân en skynt yn 1640 de pleats dêr nei neamd to wêzen. Taetsma, nei in hierder yn 1511 (Laes Taetsma), waerd yn 1640 Douma. Tinkelik hat it slachte Douma it al tiden yn bisit hawn omt de leane nei sé dêr yn 1546 al Doumaleane hjit. Donia hat yn 1546 as eigner Pieter Doijnga, hwer 't de pleatsenamme út to forklearjen is.